

LEX PALEAUX

Winterwetter

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de Provinsje Fryslân.

Oarspronklike titel: *Winterwater*

© 2020 Lex Paleaux

Uitgeverij In de Knipscheer, Haarlem

Fryske útjefte:

© 2024 Steven Sterk | útjouwerij Bornmeer

Redaksje: Fedde Douwes Dijkstra

Korreksje: Fokke Wester

Foarmjouwing omslach: Barbara Jonkers

Foarmjouwing binnenwurk: Robert Seton

Printwurk: Wilco, Amersfoort

ISBN 978 94 6471 187 5

NUR 524 | 302

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan

20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl



Foar de ûnsichtbere, ûnhearbere, mar ûnmisbere.

Dat dorp van toen, het is voorbij
Dit is al wat er bleef voor mij
Een ansicht en herinneringen

Ut: 'Het dorp', Friso Wiegersma

YNHÂLD

- 1 HEIDEN 11
- 2 BOMMEL 23
- 3 SKIEPPEWOL BAARNT NET 33
- 4 SPIKERS MEI KOPPEN SLAAN 39
- 5 FAN ROKEN KRIJST BULTEN 47
- 6 HONGERWINTER 55
- 7 FRUITTELLA 65
- 8 HELD OP SOKKEN 77
- 9 JIRPELKROKETTEN 91
- 10 GOD STRAFT FUORTDAALK 107
- 11 DOKTER METSELAAR 119
- 12 WILHELMINA 127
- 13 SLIEPFERSKE 135
- 14 JEANNE KOOIJMANS EN PETER VAN BRUGGEN 147

- 15 UTFLEANE 155
- 16 MENEAR GRIT 165
- 17 DE GRUTTE FERBOUWING 175
- 18 HIPERDEPYP...? 185
- 19 FUORT DO 193
- 20 MYN KEAMER WIE LYTS 203
- 21 'IK GA SLAPEN' 209

1

HEIDEN

*Foar it earst yn jierren is it gesicht ûntspannen,
fredich hast. It badwetter, readbrún fan kleur,
steckt gril ôf tsjin it kalkwyt dat de dea efterlitten
hat as in tekene masker op it gesicht. In
hân, lizzend op 'e râne fan it bad, sjocht der
ûntspannen út en liket noch it libben rikke te
wollen. De plasse bloed dy't stadich oer de wite
tegelflier streamt, is in stille tsjûge fan dizze
moard. De eagen binne rjochte op it plak dêr't
eartiids, doe't it noch myn sliepkeamer wie,
in poster fan in reade wikel hong. No is it de
badkeamer, dy't as lêste rêstplak tsjinnet.*

MYN KEAMER WIE BEHINDICH: TWA METER
santich by twa meter fjirtich.

Ik tink dat in protte minsken de romte mei de skeane muorren gesellich fûn hiene, as bern fûn ik it mar krap, mei te min romte foar myn guod. In lyts ledikant, bedutsen mei twa ûnderlekkens en in wollen tekken, hold my nachts waarm.

Ik brûkte in houten stoel mei in flochten sit en rêch as nachtkastke. Omdat der gjin plak wie foar in kast, fûnen de bernebibel en sân *Suske en Wiske*-stripboeken dêr har fêst plak. It reiden flechtwurk fan de rêchleuning rekke skansearre. Ik moast oppasse dat de skerpe râne fan de bernebibel net al te folle tsjin it reidwurk treau, sadat it bekling net noch mear skuorde. Boppe op 'e Bibel stie in wekkerradio dy't my moarns wekker makke en my nachts fertelde hoe lang ik noch sliepe koe. Njonken myn sliepkeamersdoar stie in lyts buro dêr't ik tekenje en boartsje koe. Ik moast fan myn 'nachtskastke' wer in stoel meitsje. Soms, as ik ûndogensk west hie, iet ik dêre. It wie hiel oars mei myn bruorren; sy hiene romme sliepkeamers mei in eigen wasktafel en spiegel. Tsientallen stickers joegen de tegels om de wasktafel hinne kleur en wat om nei te sjen as se toskboarstelen. Se hiene beide in grut buro, en in

stoel dêr't jo tsjinoan hingje koene, sûnder it frissele reid te skansearjen. En dan hiene se ek in eigen grutte kast om klean en guod yn kwyt te wurden.

As myn bruorren net op har keamers wiene, kipe ik wolris temûk om 'e hoeke fan 'e doar. Ik gie der net yn. As jongste yn in húshâlding fan trije bern wienen de twa grutte keamers strang ferbean foar my. Ik libbe myn libben yn myn lytse sliepkeamer, sliepte ûnder de skeane muorre, dêr't ik dreamde fan romme keamers, grutte kasten, myn eigen wasktafel mei tegels, bepleistere mei stikkers, mar foaral fan myn eigen identiteit. Ik fielde dat ik wat miste, ik socht nei antwurden, wylst de fragen dy't dêrby hearden noch net by my opkommen wiene.

Myn iere bernetiid soenen folwoeksen lju grif omskriuwe as 'lokkich'. Ik waard net slein, teminsten net sa faak. En hoewol't wy it net breed hiene, krigen wy gewoan iten. Dochs sjoch ik der net sa bliid út op foto's fan myn jeugd, oft it no de fakânsjefoto's yn Frankryk binne of de hûs-tún-en-keuken-kykjies. Altyd dat serieuze gesicht mei de freegjende eagen. De foto's binne giel wurden, dat komt neffens my om't se makke binne mei in Kodak Box-kamera.

Hoewol't de foto's weiwurden binne, binne myn oantinkens dat net.

It wie sneintejûn, ik lei betiid op bêd. Ik wit soks noch, om't ik de nacht dêrfoar let opbliuwe mocht; dat koe allinnich op saterdeitejûn. Wy seagen dan mei de famylje de *Willem Ruis Show*. Yn spanning siet ik by heit op 'e skurte.

Ik krige sjips yn in glêzen skaaltsje en dronk in gleske kola fan de Aldi. Ik moast altyd hiel bot laitsje om

menear Ruis, dy't noch entûsjaster wie as de kandidaten yn syn spulsjo. Mei myn lofterear op myn kessen, fielde ik mysels stadich yn sliep fallen. Ik seach nei de lytse wekkerradio op 'e stoel njonken myn bêd. In kado fan de buorman, dy't sels in nijen kocht hie. De radio wie swart mei in hurde griene plestik râne. Hy hie mar twa knoppen. In knop oan, dy't ek foar it folume wie, en in knop om it stasjon te sykjen. Eins wie dy twadde knop oerstallich, want de radio stie altyd op Hilversum 3. De klokradio hie griene sifers en letters yn stee fan reade. Om't de radio syn plak diele moast mei de bernebibel en de *Suske en Wiskes*, stie er meastentiids wat bryk. Ik tink dat er fan it merk Sanyo wie, mar om't de buorman him al earder brûkt hie by it dwaan fan putsjes, sieten der allegear spatten ferve op. Guon letters fan de merknamme wiene sadwaande net mear dúdlik te sjen en dat fûn ik ferfelend. De radio spile sêft. Net te hearren foar myn âlden dy't ûnder yn 'e keamer sieten, mar krekt lûd genôch om de muzyk ta my komme te litten. In manljusstim kaam út de sprekker. De stim wie waarm, sêft en krêftich tagelyk. Hy song oer âlde tiden en hy wie fertrietlik, dat wie teminsten it gefoel dat ik krige. Sels waard ik der ek treurich fan.

Ik begon te gûlen, earst sêft om't ik net woe dat ien my hearde, mar hoe langer it liet duorre, wat hurder ik gûlde.

It duorre sadwaande net lang foar't ik de trep nei de oerloop kreakjen hearde. It wie in fertroud lûd, yn in stadich ritme. It wie ús heit. De doar gie iepen en tusken myn triennen en de sjongende man fielde ik syn earms om my hinne. Hy tilde my heal út bêd wei en helle my oan.

Syn burd kidele myn foarholle en de rook fan syn Fresh Up-aftershave kringele my yn 'e noas. Tegearre harken wy nei de lêste noaten fan de muzyk. Doe't er frege wêrom't ik skriemde, fertelde ik him dat de sjongende man my treurich makke hie. Ik besocht de meldij foar ús heit nei te sjongen. It slagge net sa goed as ik woe en in protte wurden wie ik al kwyt wurden. 'It gie oer in paad nei de tún en ien syn heit mar fierder wit ik it net mear.'

Us heit seach twifelriedich, hy koe myn sjongen net daliks pleatse. Wy seagen elkoar oan en myn heit joech my it antwurd op de fraach dy't ik bang wie om him te stellen.

'Heit sil dy noait yn de steek litte, sadwaande silst noait allinnich wêze...'

Dat lêste diel fan 'e sin joech my in nuver en ûn-gemaklik gefoel, mar ik wist wat er bedoelde.

Ik kom út in slim leauwige famylje. Dat betsjut bidde foar en nei iten, alle dagen bibellêze en sneins twa kear nei tsjerke toffelje.

Op de legere skoalle songen je moandeitemoarn foar de klasse in psalm of gesang. Master hold skerp yn 'e gaten oft je de meldij en de wurden goed songen. Ik krige it der waarm fan en mei in reade holle song ik it wurd fan de Heare, wylst ik it gefoel hie dat de hiele klasse om my lake.

As jo de middelbere skoalle yngeane, is dat in nije stap yn jo relaasje ta God. Jo geane woansdeitejûns nei kategisaasje. Dat is in soarte fan bibelstúdzje, dêr't dûmny it wurd fan God yn begryplike taal útleit. Teminsten, dat besiket er. Om jo fyftjinde hinne komt der tongersdeis wat by dat 'jeugdferiening' hjit. Hjir

wurde je mei leeftiidsgenoaten op de kommende snein taret. Doch dêr twa oeren godstsjinstles yn 'e wike by, en dan kinst wol sizze dat God in protte fan myn tiid ynnaam. God beynfloede myn libben en neffens myn âlden en de tsjerke wie dat krekt de bedoeling. It soe yn 'e rjochting liede moatte fan in libben dêr't God grutsk op my wêze soe. Neffens ús heit en mem, de skoalle en de tsjerke stie it fêst dat God my goed yn de gaten hold en altyd oer it skouder meikipe.

It idee dat ik noait hielendal allinnich wie en dat ik myn tinzen foar elkenien behalve Him ôfslute koe, makke my bang. Wat foar my wis wie, wie dat God net allinnich myn bêste freon wie, mar neffens elkenien altyd om my hinne wie.

Ik rûn oer mei fragen, mar krige noait in dúdlik antwurd. Dat wie ek it prinsipe fan it leauwen. 'God fertelt jo alderhande dingen, mar Hy sil nea bewize kinne dat wat Hy tsjin jo seit eins de wierheid is.'

De rigel 'omdat God dat seit, is it sa!' fûn ik doe't ik de leeftiid hie om nei de basisskoalle te gean, al net mear te leauwen.

Alle moarnen op skoalle, nei it bibelferhaal, stiek ik de finger omheech. Oft it Mozes wie dy't de see iepensjalte, of it brea dat reinde út 'e himel. It wie en bleau foar my ien grut fraachteken en ik woe neat leaver as in antwurd. Nei myn safolste fragefjoer waard master sikkeneurich. Hy moat it gefoel krigen hawwe dat er foar it krúsferhoar stie. Yn wanhoop raasde er my ta:

'Do moatst derop fertrouwe dat God bestiet en dat Hy derfoar soargje sil dat dy neat oerkomt!'

Dy sin spûke my in wike lang troch de holle. Ik stelde gjin fragen mear en frege ek net om antwurden.

It iennichste dat ik die, wie oan myn tafel sitte, stoar-eagjend.

Ik moast fertrouwe op ien dy't ik net sjen koe, mar dy't my altyd beskermje soe en der altyd foar my wêze soe. Miskien wie it de bedoeling om my mei dy opmerking gerêst te stellen, sadat ik my de bek hâlde soe. It tsjinoerstelde barde. Ik fûn de gedachte oan 'het alom aanwezige bestaan van God' ferskriklik. In wike letter seach master, mei tearen yn 'e foarholle, myn finger wer omheech gear.

'Master, mei ik jo noch wat freegje?'

Suchtsjend joech er my tastimming om nei foaren te kommen. Myn klasgenoaten seagen myn fragentiid benammen as in útstel fan in rekkenles of in diktee. In lichte blidens gie de klasse oer doe't ik nei in wike stilte nei foaren rûn mei in hert fol fragen.

Yn myn holle wie it idee ûntstien om it 'alomtegenwoordige' bestean fan God te bewizen. Ik draaide master de rêch ta, sprate de earms en stelde in ienfâldige fraach: 'Ik kin jo no net sjen, is't net sa?'

Master mompele in ûnbegryplik lûd, dêr't syn fernuvering dúdlik yn te hearren wie.

'Nee keardel, do kinst my net sjen.'

Op it stuit dat er befêstigiend antwurde, liet ik my achteroer falle.

'Wat dochst no?!' Hy raasde it út, mar wist my dochs yn 'e earms op te fangen. 'Domme jonge, do giest rap werom nei dyn plak! Wat woest no eins sizze?' De argewaasje yn syn stim wie dúdlik te hearren en mei syn hân yn myn rêch treau er my werom nei myn tafel.

Myn klasgenoaten skeukten ûngemaklik op har stuelen, drok trochelkoar pratend.

‘Stilte!’ raasde master.

Ik rûn stadich werom nei myn tafel en gie op ’e stoel stean. Ik sprate de earms út, lykas in fûgel de wjukken spriede soe.

‘Jo sizze dat God bestiet en dat Hy my altyd beskermje sil. Dan sil Hy my heine lykas jo krekt dienen!’

It wie deastil yn ’e klasse. De master seach my oan, de twastriid dy’t yn syn holle plakfûn wie yn syn eagen te sjen. My hjitte om fan ’e stoel ôf te kommen, soe fuortendaliks alle leuwen út my en myn mei-learlingen stampe. My falle litte wie ek gjin opsje, boppedat soe dat ek nochal wat twifel oer God yn ús bernehertsjes jaan. In koart skoft seagen master en ik inoar yn stilte oan. Ik ferbriek it momint fan stilte troch ôf te tellen fan tsien nei nul. Myn klasgenoaten diene dêr entûsjast oan mei, achttjin mûlen klonken as ien. Tsien, njoggen, acht... Ik seach master rjocht yn ’e eagen, sân, seis, fiif... Myn skuon balansearren op ’e râne fan ’e stoel, fjouwer, trije, twa...

Ik die de eagen ticht en wachte op wat komme soe.

Doe’t myn klasgenoaten sa lûd mooglik ‘ien’ raasden, foel ik as in Olympysk dûker achterút. Myn eagen wiene ticht, ik hearde master nei foaren brûzen, in famke joech in gjalp, en earne foel in potlead fan in tafel.

Myn fal like oeren te duorjen en ik fielde net iens dat ik delkaam op ’e grûn. Ik tink dat ik al út ’e tiid wie foardat ik de grûn rekke.

Doe’t ik bykaam, wie ik yn ’e keamer fan ’e direkteur. Ik waard wekker fan syn stim. Hy wie oan de telefoan mei mem: ‘Wat jo soan dien hat is net akseptabel!’

Ik hold de eagen ticht, mar glimke stikemwei. Ik hie it bewiisd: God bestie net!

Thús krige ik ôfgryklik op 'e bealch. Mem stie foar my, triljend fan lilkens.

'Do bist in idioat en in heiden! Fertel my watsto bist!' Yn 'e hope it antwurd op har fraach flugger út my te krijen, skodde se my oan 'e skouders.

'Wat bisto?!

Har freegjen wie no oergien yn razen. Ik seach nei myn skuon, oranje mei swarte gymyps en wite fifiers. Hea, myn iene skuonfiter sit los, mar dat wie de ferkearde gedachte. Myn mem sloech my yn it gesicht. Dat die se mei de mûs fan 'e rjochterhân, dy't mei folle krêft op myn wang delkaam.

Ik fielde dat har trouwing myn kaak rekke. Myn mem wie no oerémis wurden en skodde my noch wylder troch elkoar.

'Ast net hearre wolst, moatst mar fiele!' It razen wie âljen wurden.

'Wat bisto?'

Ik seach har oan. 'Ik bin in idioat, mem,' sei ik sêft.

Noch in slach.

'En in heiden.'

De folgjende dagen waard de stimming net better. Mem en heit krigen tsientallen telefoantsjes, fan skoalle en fan oare âlden. Om't myn klasgenoaten aardich ûnder de yndruk wiene fan myn test fan fertrouwen yn God en myn frije fal foar in soad twifels soarge hie, waarden der in protte fragen steld oan de itenstafels. Wat noch slimmer wie, it bestean fan God waard iepenlik betwifele. Op skoalle waard it my ferbean om nei it bibellêzen fragen te stellen.

It ferfelendste wie dat ik woansdeitemiddeis net boartsje mocht by in protte fan myn klasgenoaten.

Dat fûn ik spitich, ik mocht graach by oare bern thús komme. Ik tocht dat it ûnearlik wie en ik begriep it net goed, ik hie dochs mar in ienfâldige fraach steld, net? As ik weromtink oan dat foarfal, tink ik dat ik net sa-sear bewize woe dat God net bestie, mar krekt dat Hy ál bestie.